

âld Barradiel

Jaargang 11 maart 2013

ISSN: 2211-3339

FAN EIGEN HIEM

Bêste minsken; dit nûmmer is in Frysknûmmer wurden. As de foarsitter in stik tekst oanrikt, dan is dat altyd mei de penne skrean en yn ús memmetaal. Ien fan de soanen fan de foarsitter stjoerd it digitaal nei mei troch en dan mei ik it noch oertikke. Mar, dat is net sa'n grutte put. Neist de tekst fan de foarsitter stjoerde ús lid Theun Ruim út Apeldoorn my syn ferhaal oer de triedomrop. Yn ús foarige nûmmer Ald Barradiel stie der ek wat oer yn. Theun Ruim hie der – as redakteur – ek krekt in ferhaal oer makke foar it kriteblêdsje 'Ut 'e Pinne'. En fansels is ek dat ferhaal yn it Frysk. Mochten der leden wêze dy't de Fryske taal net machtich binne ik hoopje net as sy harren lidmaatskip opsizze. Dat soe skande wêze want wy hawwe noch sa'n soad te fertellen.

BESJOERLIK

Jiergearkomste 5 april 2013. Dit wurdt dan de earste kear nei twa jiergongen. Ferliene jier is de jiergearkomste net trochgien, dus no dûbbel. De start ferliene hjerst wie net bêst. Wy woene graach it steilkant ûndersyk fan Furdgum of De Riep (Dronrijp) of it bouwen fan it sjeadehûs bij de Yeb Hettinga-skoalle foar it jocht bringe, mar de ûndersikers woene op dat stuit net, wol letter, mar dat paste ús doe net. It kin de master gebeure, sille we mar sizze. Want as persoanlike omstandichheden en drokte foarrang hawwe dan bliuwt it wurk foar de feriening op in leech pitsje set. Wy hoopje dat jimme ús dat net kwea ôf nimme.

Dit winterskoft bin der al trije gearkomsten west. Mear oer dizze en de oare gearkomsten fan de lêste twa jier sil Albert Boonstra wol yn it jierferslach nei foaren bringe.

De lêste lêzing gie oer de âlde wetterwegen yn en om Frjentsjer hinne. Us lid Veldman hat der in tige moai ferhaal oer hâlden. Sa kaam bygelyks oan de oarder dat boeren dy't earst net slatte woene yn it jier 1553, mar dat Johannes Broekstra fertelde dat yn 1953 dat de firma Ooms dyselde sleatten skjin makke hat. Wijlen âld-skipper Jacobus Zwart fan Minnertsgea fertelde my ris dat sij it belibben op in hjerst om-en-by 1950, dat hja biten laden bij Jan Nammensma yn Seibierum en op de werom reis yn 'e blauwe drek fêst kamen te sitten. De boer hat doe de rups fan de Coöp Werktuigen Vereniging 'De Bjirmen foar it skip spant. Mar der mast noch ien foar. Dat sil wol in trekker west ha, mar Zwart hie it oer twa rupsen. It wetter yn de Eastebierummerfeart wie it peil fan de boezum, heger en leger al neigelang de omstandichheden fan it waar. Us heit-en-dy moasten ek wolris op it ein fan de Kappelawei - op de brêge nei de Roodemaleane - earst in pear weinfol biten leegje yn it skip, die dan ûnder de brêge troch koe en letter oan de oare kant de brêge de oere biten der ynladen waarden.

Wy binne ek noch altyd op syk nei nije besjoersleden. Wy soene wol wat ferjongje wolle as besjoer. Miskien dat der immen ien as twa geschikte minsken wit. Wy heare it graach.


Nei it skoft fan de jiergearkomste sil ús nije beamer yn aksje komme. Yn it doarpshûs yn Seisbierum hat er syn keansten al sjen litten. It prachtich skerp byld en moaie kleuren, wylst it ljocht yn de seal gewoan oan wie. In goede oanwinst foar ús feriening. Der binne in stikmannich âlde films op DVD set. Wy wolle der graach in pear fan sjen litte. Kom dus nei ús jiergearkomst yn Furdgum freed 5 april oansteande.

Graach oant sjen!
Klaas Evert Andringa

EARTIIDS: TRIEDOMROP YN EASTERBIERUM

Foar en ek noch in skoftke yn de twadde wrâldkriich wie ús heit timmerman-oannimmer yn ien fan de Bjirmen. Mei twa fêste feinten wie der genôch wurk yn't doarp en oars wol yn'e neiste omkriten. It wurk bestie foaral út ûnderhâld fan wenningen en boerepleatsen, mar bytiden waard d'r ek wolris in nij hûs bouwd. In spesjalisme fan it bedriuw wie it bouwen fan betonnen jarrekolken mei trochgeans in saneamd "broeihok" of berchplak foar set-ierdappels op sa'n put.

Neist syn drokke bestean wie d'r ek noch tiid foar in nijsgjirrige hobby: radiotechnyk. Al yn'e tweintigerjierren fan de foarige ieu bouwde hy sels stjoerders en ûntfangers en hie troch dizze apparatuer radio-kontakt mei oare send-amateurs oer de hiele wrâld. Dizze hobbyisten stjoerden en



Radiotelegrafist, o. 1930.

ûntfongen berjochten troch radio-tillegrafy. Hja koene tige handich mei it "Morse-alfabet" omgean en fan al dy punten en streepkes wie ynternasjonaaal in seneamde Q-koade fêstlein. Yn 1924 die hy by de PTT eksamen foar in sendfergunning, slagge mei hege sifers en keas foar syn ropnamme PAØRA.

Om't er dus goed op 'e hichte wie fan de mooglikheden yn de radiotechnyk en ek út saaklik eachpunt, hie er yn it doarp in saneamd "radio-distribúsje-net" opbouwd, krekt as de PTT foar de tillefoan en it PEB foar de elektrisiteit. It waard ek wol tried-omrop neamd.



Saneamde QSL-kaarten

By ús yn 'e keamer stie in moai kastmeubel mei twa radio-ûntfangers: ien foar Hilversum-1 en d'oare foar Hilversum - 2. Troch it netwurk fan peallen en trieden koene de doarpsminskers in oansluting op syn triedomrop hie. Ik leau foar in stoer yn 'e wike! De hielders krigen dan in bakelieten lûdsprekkerke yn 'e keamer. It kastke hie mar twa knoppen: ien foar it programma en ien foar it folume.

Doe't yn d'oarlochsjierrren eltsenien syn radio by de besetter ynleverje moast, mocht de tried-radio noch bestean bliuwe en hierden in protte doarpsgenoaten mar in lûdsprekker. Wol waarden d' elektrisiteit en in soad oare foarsjennings mei de wike krupper, mei as gefolgen dat de Hilversumse stjoerders jûns nei sânren al yn alle talen sweien . . .

Us heit woe lykwols syn hielders jûns wol wat ferdiveedaasje biede en draaide dêrom troch de wike tusken sânren en achten grammofoanplaatjes. It programme waard opfleure troch geastlike lieten fan û.m.Joh.de Heer, mar ek troch eartiids bekende marsmuzyk en opera-en operettefragminten. De hielders koene bij gelegenheid fan jierdeis en oare betinkingsdagen ek in fersykplaat oanfreegje. Dit muzykoerke krige yn 't doarp in soad wurdearring.

Us mem wie trochgeans de "lady-speaker". Sy soarge foar de oankundigings, de ferbiningsteksten, de lokwinken en wat d'r fierder mar meidield wurde moast. Bytiden mocht ik as skoaljonkje ek wat troch de mikrofoan sizze en it heucht my noch dat ik wolris in lietsje songen ha. Dat de hielders it ien en it oar wol wurdearren, hearde ik dan d' oare deis wol op 'e buorren of op 't skoalplein. Der is lyksols nea immen wêst dy't doe sein hat: "Asto grut bist, kinst wol DJ-discjockey-wurde". Dat wurd moast destiids noch betocht wurde. 't Is d'r nea fan kommen en it sil him ek nea mear wurde! Oare tiden, oare ambysjes en oare kultuerdraggers

Hiel wat desenniums letter moast ik noch efkes oan myn mikrofoantsje weromtinke. Yn Enschede, yn't glêzen hûske, praatten hjoeddeiske, floatske discjockeys yn in wike tiid samar tolve miljoen euro's foar in goed doel by-elkoar . . . mei respekt!

Theun A. Ruim, Apeldoorn

Colofon

Ledenadministratie
G. Bouma (secretaris)
Correspondentieadres
Reiddomp 17, 9101 HJ DOKKUM
Telefoon 0519-241409
Email : g.bouma04@knid.nl
Website : www.oudbarradeel.nl



Op it midden fan de foto de antennes fan Age Ruim.